



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LX nûmer 4

desimber 2011

ISSN 0166-6029

PINSJONADO

Peter Popma

Wy glûpten fan 'e skerte
de doar út
en by iterstiid
boartsjend bûten bliuwe
en op 'en doer
it libben yn 'e skjirre
woene wy net werom
alle jierren ha wy sûnttiid bûten west
en warber en nijsgjirrich
de wrâld beswalke
yn wyn en hite sinne ...
djippe fâlden
yn 'e hûd fan lear

mar no't wy
de hannen yn 'e bûse
wat ompiele yn it hok
dêr't op kreaze planken
de trofeeën fan 'n libben útstald steane
kin 't barre
dat wy graach noch even
dyn waarme earmen
hoaiend en treastend
om ús hinne
hawwe soene

út: *Ensafh*, jrg. 3, nûmer 6, 2011

Samplers: foar kopij op papier, Piter Dykstra, Wykwei 4 8434 PG WASKEMAR; digitale kopij, abma.g@wanadoo.nl Fêste meiwurkers Bertus Postma en Rommert Tsjearnsma. Opmeitsjen en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Einredaksje, dr. G. Abma, abma.g@wanadoo.nl, Plantage Doklaan 13, 1018 CM AMSTERDAM. Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. Lyts Frisia € 10.00, inkeld LF € 7.50. Giro 1069535 op namme fan Skathâlder Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

It fers, út 'e lêste ôflevering fan it tydskrift *Ensafh*, Frysk literêr tiidskrift sa't der offisjeel stiet. In ûnderwerp, yn inkelde wurden op it libben weromsjen as pensjonearre persoan, dêr't men yn dichtfoarm net al te faak oer lêst, miskien wol nea. Yn rinnende tekst fansels al te faak. Wy libje sûner, hawwe bettere medisinen en de medyske apparaten wurdt Philips ryk fan. Fangefolgen wurde wy hast allegear âlder, yn it jier 2100 trocinoar 170 jier, sa't ik lêsten hearde. No te gek foar wurden, mar wa wit ... Oft men it wolle en winskje soe, is wat oars. Wat te tinken en ferwachtsjen fan tûzen nei no, dan it dûbedle?

It âlder wurden en sûner libjen hat ferskillende kanten, yn rju ferskaat. Foar wa't it belibje mei is it, nei it arbeidzjen yn hiel wat jierren, nochris hiel wat jierren genietsjen fan frije tiid, frij fan soargen oer jild en sûnens en bgl. fakânsje op gâns in boat nei de Noardpoal, Vietnam of jout net wêrhinne. Tegearre libjenden kinne (einlings) sûnder ûngeduld, drokten, kribbekeurichheden en ritigens út 'e jierren fan jonkheid en folwoechsenens, dat allegear meielkoar.

De minder moaie kant is foar elk persoanlik it fersal, minder wurde; maatskiplik pleaget it probleem fan 'e kosten. Dy yn 'e stokken te hâlden, te begrinzgjen, der is gjin begjinnens-ein oan. De problemen reitsje elkoar yn de frage, hoe lang wolle, kinne âlderen libje as it oan harren sels leit, hoe lang wolle/kinne oaren it betelje? Oan net sa lang ferlyn ûnbekende fragen, sûnt de lêste fyftich jier samar aloan twingender en dreger.

Wat sizze jo fan it gedicht. Opfallende bylden, wurdkar, rint it, ferrassend tinken en formulearings?

Sjoen de earste rigel hat de berte gjin swiere befalling west; ek de bernejierren wiene net dreech, it hiele wurksome, arbeidzjende libben trouwens net. Dêr giet it de dichter net om. De titel en de twadde helte (koarter as de earste), wolle nei de jierren dêrnei, it pensjoen ta. En wat belibbet er dêryn? Sûnens is gjin punt, it jild likemin, ferlies of skuld, fouten en neisten tekoart dien, nee: 'de hannen yn 'e bûse/ wat ompiele', de fruchten fan it bestean of 'de trofeeën fan 'n libben ' kreas útstald op kreaaze planken. Neat mist, neat brek, gjin ferlet, gjin toarnen, pine, alles kreas/kreas/kreas. Of nee. Oan 'e ein doch in oantinken oan earder, in langst foar even:

'[...] dat wy graach noch even/dyn waarme earmen/hoaiend en treastend/om ús hinne/hawwe soene'. It 'ús' slacht op it ik fan de dichter, wol men oannimme; it 'dyn' fan de waarme earmen net op frou of faam, mar op syn mem. It fers is beskriuwend, jout kwalik bylden mar yn 'e sfearbeskriuwing fan in hiel libben yn inkelde, ienfâldige wurden, doch wol rekke. En mei 'treastend' sjit it fers sels eefkes de djippte fan bernetiid, of dy fan in pinsjonado, yn.

Yn dit nûmer komme jo yn'e kunde mei ús nije foarsitter en ús nije skriuwer. En fierder fine jo de wenstige bydragen/rubriken fan oanfiterder B. Postma, Rommert Tseardsma, S. Hiemstra en yn snipers in sterk staaltsje fan publiklik utere lilkens op wat dêr hjit '[...] achterbakse Leeuwarder zwendelaars en Leidse blaaskaken'. Yn kulturele diskusjes selden brûkte taal. It liicht der net om.

de einredaksje

Bêste lêzer(s), rju achte strider(s),

Op 10 septimber 2011 hawwe wy in noflike gearkomste hân by Bertus thús. Dat soe ien fan de lêste gearsitten fan de Jong Fryske Mienskip wêze as Wolter Jetten en ûnderskreaune net oanwêzich wiene. Wolter en ik hawwe ein augustus fernommen dat Lyts Frisia net mear genôch lêzers hie om noch langer bestean te kinnen. Dat soe tige spitich wêze. Dêrom hawwe Wolter en ik ús kandidaat steld foar resp. skathâlder en foarsitter. Op de gearkomste fan 10 septimber is der demokratysk keazen ta it foarmjen fan dat nije bestjoer. Foardat ik fierder gean, soe ik my earst graach foarstelle wolle.

Ik bin Chris van Hes, kom út Sint Jânsgrea en bin njoggentstjin jier âld. Ik sit yn it tredde jier foar in oplieding ta skoalmaster. ik bin ek warber yn de polityk. Sûnt maart 2010 bin ik fraksjemeiwurker (skriuwer) by de FNP-Skarsterlân, dêrneist bin ik ek noch warber foar de FNP-jongerein. Boppedat haw ik ôfstân dien fan myn Nederlânske nasjonaliteit en haw in fersyk dien ta it krijen fan in Fryske nasjonaliteit as Nederlânsk steatsboarger. Dat is, spitigernôch, net slagge, mar der binne prosessen oan 'e gong dy't dat wol tichterby komme litte. Earder al hie Wolter de 'ferklearring fan ôfstân' ek ûndertekene.

Wêromkommende op it part oer de Jong Fryske Mienskip. De namme sels seit it al: jong. Mei myn njoggentstjin jier kin sein wurde dat de term "jong" wol fan tapassing is. Myn perspektyf is dan ek om de Jong Fryske Mienskip te foarsjen fan jonge ynfloeden, mei oare wurden: ús stribjen is om te kommen ta oanwaaks fan nije (jonge) leden sûnder it belang fan de âlderein tekoart te dwaan. Ommers, men moat witte wêr't men wei komt en wat juns histoarje is, oars hat men gjin perspektyf om út dat tinken wei te hanneljen.

Neist de kearnwearden dy't de Jong Fryske Mienskip him yn in ier ferline steld hat en de aktiviteiten dy't de Jong Fryske Mienskip hjoed-de-dei al docht (bygelyks it útbringen fan Lyts Frisia) sil de Jong Fryske Mienskip him ek oer de folle breedte ynsette foar projekten dy't it Frysk befoarderje. Dat kinne allerhande aspekten fan projekten wêze. Dat kin, bygelyks, betsjutte dat wy (finansjele) stipe ferliene sille oan jongerein dy't him, op in foar ús akseptabele wize, ynsette wol foar it Frysk.

By einbeslút soene wy noch graach kwyd wolle dat elkenien dy't fragen, op- of oanmerkings hat dy stjoere kin nei it bekende adres.

Wy hawwe der in soad sin oan!

*Mei freonlike groetnisse,
Chris van Hes, foarsitter
Wolter Jetten, skriuwer*

De folgjende gearkomste is op sneon 25 febrewaris 2012 om 10 oere Keetwaltsje 10 Ljouwert
--

Snipers (8)

Drs. J.A.D. Zeinstra, earder learaar klassike talen oan it steds Gymnasium Ljouwert, hat him nei it pensjoen ferdjippe yn it Latynske skrift, twa tûzen of mear jier ferlyn op stien of houtene plankjes grift/krast. Fansels is it measte yn waar en wyn weiwurden, no en dan komt wat út de grûn nei boppen ta. Bekendste foarbyld yn Fryslân is it saneamde taffeltsje fan Tolsum. Opdjippe yn 1917 yn de greiden by Tolsum en hanneljend oer in Romeinsk soldaat dy't om 22 nei Kristus hinne dêr in ko fan in boer keapet.

It lit him tinke dat it hout fan it plankje nei dy jierren net al te geef mear is en dat de deryn kraste letters net altyd like helder te lêzen binne. Striid tusken de gelearden dus, dy't achte wurde dat se sa'n tekst ûntsiferje kinne. Sokke lju rinne der fansels mar in pear fan yn ús lân om. Drs. Joop Zeinstra is der ien fan, wol men hawwe. *Romeinse Schrijftafeltjes uit Nederlandse bodem en een Romeins militair diploma*, Ljouwert 2011, is de tredde yn eigen behear útjûne publikaasje oer syn reis yn it skimerige, sa net tsjustere gebiet fan misbegrepen en oer de kop sjoene plankjes. Mei heal, min of eins hielendal net te lêzen ynkraste lettertekens. In hiele toer om dan wiis te wurden oer it hoe en het fan de tekst. Wat der oan skrift oer is, wurdt ek nochris troch de mannichte fan brûkte ôfkoartings de romte wie krap suver ûnlêsber en net te begripen. Wa skriuwt wêroer, oan wa en wannear?

De learde skriuwer, behalven yn plankjes ek warber yn de FNP, hellet gâns oeral. Utlis fan de kraste letters, de ôfkoartings, it histoaryske ferbân, ferhelderje it tsjustere skrift en meitsje dúdlik wat (miskien) bedoeld waard. Fertalings en foto's – faak yn kleur – meitsje it gehiel tagonklik foar kenners en spesjalisten. *So far so good*.

Op de foarside, binnekant, boppe-oan, earet de auteur de gelearden dy't yn 1917-1919 har mei it ûntsiferjen fan it taffeltsje fan Tolsum dwaande holden hawwe: C.W. Vollgraff, A.G. Roos, U. Ph. Boissevain en E. Cuq, '[...] virorum clarissimorum', ensfh. Mar, no komt it, op de eferside binnekant stiet ûnderoan: 'In diepe minachting jegens het minderwaardige stel achterbakse Leeuwarder zwendelaars en oliedomme Leidse blaaskaken.' Dat liicht der net om. Wa't de skoek past ... Dy sit fuort nêst jo.

Fryslân en de wrâld, alhiel yn de geast fan Douwe Kalma. Doutzen Kroes wer yn de krante, no as stjer op it wite doek. Yn in Hollanske krante ek it berjocht dat Janna Eijer (22) út Jobbegea yn Udine (It.) *Liet International* (it sjongfestival yn minderheidstalen) wûn hat. Mei it fers *Ien klap*. Behalven Janna, ek meidoggers út Ierlân, Eastenryk, Itaalje, Skotlân, Karelië (Finl./Rusl.), Udmurtië, Friulië, Switserlân, Laplân, Baskelân en Asturië. As dat de wrâld net is.

g.a.

Us eigen taal (8)

Utgongspunten foar in Fryske taalstandert (6)

Nei in better omskreaune en ynfierde taalstandert foar it Frysk

Eric Hoekstra, taalkundige oan de Fryske Akademy, hat in treflik opinystik skreaun yn it *Friesch Dagblad* (12 sept. 2011).¹ Einlings ris in taalkundige wittenskipper dy't net te benaud is om stevige útspraken te dwaan oer wêr't it hinne moat mei de noarm fan it Frysk.

Ik kin de ferlieding net wjerstean en jou syn opfettings op dit plak wer. Dy passe skoan by myn opfettings oer it stribjen nei in better omskreaune taalstandert foar it Frysk. Mei dêrby in wichtige rol foar de provinsje Fryslân as politike taalautoriteit, dy't soargje moat foar in goede, net frijbliuwende, ynfiering ('ymplemintasje') yn maatskiplike domeinen dêr't de provinsje ynfloed op hat of krije kin. De taalnoarm moat, neffens my, in sa 'Frysk' mooglike noarm wêze. In standert dy't sa fier mooglik distânsje hâldt ta it Hollânsk ('Nederlânsk') en de ôfstân ta dy taal aloan bewekket. Alsa in taal sûnder frisofobe skaaimerken.

Yn sa'n 16 útgongspunten haw ik dêr yn de lêste seis nûmers fan *Lyts Frisia* in grûnslach foar besocht te lizzen. En ik haw tagelyk ek priuwkes jûn fan 'Frysk' (*net-Frysk*, *ûnsuver Fryk*, *min- of bryk-Frysk*, *ûn-Frysk* of sels *ûnfrysk*) dy't by my ôfgriis oproppe en it lêsproses tige steure. Sabeare 'Frysk' fan lju (as bgl. Jetske Bilker en Joke Corporaal) dy't it oan tiid hân hawwe om oer har teksten nei te tinken en as 'frisisten' better witte moasten.

Net allinnich de 'kwantiteit' fan de taal (de fersprieding yn alle rillevante maatskiplike domeinen), mar ek de 'kwaliteit' fan taal en teken (stavering) heart in wichtich omtinkpunt te wêzen fan de polityk, benammen as dy taal ornearre is foar it ûnderwiis (learmiddels!) en it bestjoerlike en juridyske ferkear (amtlke en juridyske stikken).² Om it yn de wurden fan de frisist (in 'echtenien'!) Teake Hoekema te sizzen: "[...] wolle wy noch wat mei it Frysk of is it langer in spultsje fan hieltyd mear tebekfallen fan de bûtendiken op 'e slieperdiken, oant dy ek brekke en de hiele krite splis stiet? M.o.w. 'de weg naar het kakhuis', sa't Joast Halbertsma it earne útdrukt?"³

It liket my ta dat Eric Hoekstra mei syn artikel yn de Jongfryske tradysje past, dêr't taalpommeranten en taalbewegers as Douwe Kalma en Teake Hoekema de grûnslach foar lein hawwe (der binne fansels folle mear te

¹Eric Hoekstra, 'In Grien Wurdboekje en Griene Grammatika', yn: *Friesch Dagblad*, 12-09-2011, s. 27.

²Sjoch benammen myn 'Us eigen taal (7)', *Lyts Frisia*, jrg. LX, nû. 3, sept. 2011, s. 45-52.

³Teake Hoekema, 'In te min achtslein aspekt by literatuerbeoordieling', *Lyts Frisia*, jrg. XXXV, nû. 7-9 july, sept. 1986, s. 47-48. Teake Hoekema wie in echte Jongfries en hat in lange rige fan jierren ek samler of redakteur fan *Lyts Frisia* west.

neamen) en dy't op it stuit neffens my it bêste trochset wurdt troch Bertus Postma.

Hoekstra wiist der yn syn artikel op dat grutte talen in ynstânsje hawwe dy't him dwaande hâldt mei it fêststellen fan de taalnoarm. Sa kediist de *Real Academia Española* út namme fan de Spaanske oerheid oer wat goed Spaansk is en wat net. Yn Nederlân is it formeel de (*Nederlandse*) *Taal-unie* dy't de noarm foar it Nederlânsk fêststelle moat: "Nederlân, België en (sûnt 2004) Suriname ûnderskriuwe in ferdrach út 1980 dat seit dat 'de Hogere Verdragssluitende Partijen besluiten tot [...] het gemeenschappelijk bepalen van de officiële spelling en spraakkunst van de Nederlandse taal' ".⁴

De stavering fan it Nederlânsk kin men fine yn it saneamde *Groene Boekje*. Sa'n boekje misse wy noch yn it Frysk.⁵ It Frysk-Nederlânsk wurdboek rieplachtsje helpt jin ek net folle fierder: it jout trochstrings alle gearre regionale farianten sûnder in dúdlike noarm of standert te stellen.

Foar de Nederlânske spraakkunst hat men de ANS (de 'Algemene Nederlandse Spraakkunst'), mar dy stelt lang net altiten in dúdlike noarm, konkludearret Hoekstra. Sadwaande wit de brûker noch net wêr't er oan ta is. De ANS is boppedat te wiidweidich en te teoretysk foar de gewoane brûker (1700 siden). Soe dat ek jilde foar Jan Popkema syn *Grammatica Fries* (2006) dat dy omfang lang net hellet (378 siden)? Ik soe syn Fryske spraakkunst yn alle gefallen fan herten oanrikkemandearje wolle.

Hoekstra is fan betinken dat it folle mear gean moatte soe oer praktyske fragen en op grûn fan de praktyk fan de brûker soe der in 'Groene grammatica' foar it Hollânsk komme moatte en in 'Griene grammatika' foar it Frysk. Yn dat gefal liket it my ta dat der foar it Frysk al in skoandere oanset jûn is mei Rienk de Haan syn *Mei freonlike groetnis*⁶, al hie dat neffens 'myn' taalstandert fansels de lange(re) foarm 'groetnisse' of 'groetenisse' wêze moatten. Mei rjocht giet Hoekstra yn 'e pleit foar in standert foar de wurdskat, d.w.s. in *leksikale* noarm.

In leksikale standert

It Frysk wurdt tige oantaast troch alderlei Hollânske ynslûpsels.⁷ Hoekstra wol sadwaande ta op in foech *Grien Wurdboek* dat útslútsel jout oer

⁴Eric Hoekstra, *Friesch Dagblad*, 12-09-2011, oanhelle yn *Onze Taal* 7/8, 2011.

⁵Sjoch ek: Jan Schotanus, 'Grien boekje foar it Frysk', *Leeuwarder Courant* (Te Gast, 08-04-2011, s. 6) en Jan Breimer, 'Wy hawwe ferlet fan in Wurdblist Fryske taal' (*Friesch Dagblad*, 23-08-2011, s. 21). Schotanus (fan: DAT Tekstbureau) hat it idee foar it earst yn de publisiteit brocht en provinsjale politisy hawwe it oppakt.

⁶Rienk de Haan, *Mei freonlike groetnis. Skriuwwizer mei stekwurden en foarbylden*. Ljouwert: Taalbuero Fryske Akademy, 1995.

⁷Sjoch bgl. myn analyze yn eardere nûmers fan *Lyts Frisia* en *Swingel* fan Jetske Bilker en Joke Corporaal harren ûntheisterjen fan ús taal. Ek oan te klikken op it FFU-webstek: www.ffu-frl.eu ûnder 'Publikaasjes': artikels en ynliedings fan Sytze T. Hiemstra, 2008-2011.

wat in Hollânske ynterferinsje is en hoe't men soks yn 'geef Frysk' opskriuwe kin. It besteande Nederlânsk-Frysk Wurdboek (1985) is fandat-oangeande slim ferâldere en ûnfolslein. Wol markearret it (nijere) Frysk Hânwurdboek (2008) sa'n ynslûpsel mei in (H) en jout sa oan dat it net doocht: bgl. *gefangene* (H) hw. *finzene*. Net brûke dus, sok ûnrant. It meitsjen fan sa'n boek kin de Afûk neffens Hoekstra net dwaan, ek al hat dy tige ferlet fan hâldfêst by it gearstallen fan *learmiddels* foar leargongen en skoallen. Dat liket my ek.

Boppedat, as it om it útjaan fan Frysktalige berneboeken en romans giet, dan is it by de Afûk de lêste desennia (wer) in noarmative wyldeboel. Nochal wat útjeften tille op fan de hollânismen, ta ôfgriis fan Fryskkundige lêzers. Dat binne dan myn wurden. Sa'n 'taalbelied' seaget de poaten ûnder de stoel fan it Frysk wei.⁸ De iene hân wit net wat de oare docht of wol dat net (langer) witte.⁹ En dat mei subsydzjejild fan de oerheid!

Oanbefellings fan Eric Hoekstra

Eric Hoekstra komt ta trije weardefolle oanbefellings, dy't ik ûnderskriuw. Ik parafrazearje syn advizen net en nim se alsa yntegraal oer:

“De ryksoerheid hat de soarch foar it Nederlânsk oan de Taalunie oerdroegen. Lyksa soe de provinsje oan in ynstânsje lykas de Fryske Akademy de opdracht jaan kinne om in oerlis mei relevante saakkundigen op te starten (media, ûnderwiis, wittenskip, polityk). It konkrete doel fan dat oerlis soe wêze moatte om mei in plan de kampanje te kommen mei de neikommende doelen:

1. it produsearjen fan in Grien Wurdboekje en Griene Grammatika foar it Frysk;
2. hurde garânsjes fan taalûnderwiis, media en wittenskip – ôftwongen troch de provinsje – dat de ôfsprutsen noarmen ek ymplementearre wurde sille yn de rillevante organisaasjes;
3. ymplementaasje fan in Grien Wurdboekje en de Griene Grammatika yn alle taaluteringen fan niisneamde organisaasjes en it maatskiplik fjild dêrbûten.”

⁸Ferl. ek de sosjolinguiet Henk Wolf, 'Popularisering funest voor prestige Fries' [Te Gast], *Leeuwarder Courant*, 19-10-1999, s. 9.

⁹Sjoch oer de noarm en it taalbelied fan de Afûk foar skriuwers en oersetters ek myn artikel 'De taalnoarm' yn: *In skiednis fan 'e Fryske taalkunde*, ûnder redaksje fan Anne Dykstra en Rolf H. Bremmer Jr (Fryske Akademy, 1999), s. 256-258 en 263.

Taak fan in Sintrum foar de Fryske Taal en Kultuer

Yn ús *Oanfalsplan Frysk* (okt. 2008, s. 45-48, 98-100)¹⁰ hawwe ik en oaren al pleite foar it oprjochtsjen fan in Fryske taalautoriteit, in nij op te rjochtsjen provinsjaal *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer* dat wy alve taken tatocht hiene. De alfte en lêste taak is de 'Kwaliteitssoarch foar it Frysk'. Wy konstatearje dat it oant no ta yn Fryslân ûntbrutsen hat oan in ynstânsje dy't it fêststellen en hanthavenjen fan de kwaliteit fan de Fryske taal (taalsoarch en taalnoarm) op 'e noed nimt. Der moat útsocht wurde hokfoar ûnderdielen út de taken fan de Nederlandse Taalunie oft sa'n Sintrum foar it Frysk útfiere moat. It Sintrum moat neffens ús ferantwurdlik foar dy soarch wurde en sil de dêroan ferbûne útfiering likegoed op him nimme moatte. Hiel wat fan ús oanbefellings fyn ik yn Eric Hoekstra syn opiny-artikel werom. Dat docht my deugd.

It Frysk by de Provinsje

Ien fan de domeinen dêr't it geregeldwei noch mis giet mei it bewekjen fan de taalkwaliteit, is de 'eigen' oerheid, bgl. de provinsje Fryslân. Ik nim as foarbyld in brief oan de steateleden mei in taheakke fan de ôfdieling Kultuer, Taal en Underwiis.¹¹ De provinsjale stikken binne skreaun nei oanlieding fan en as ferfolch op ús eigen 'Oanfalsplan Frysk', dêr't yn stiet hoe't it winliken fierder moat mei it taalbelied.¹² It giet my yn dit gefal net om de ynhâld (dy is treflik), mar om de taalkwaliteit. Wat ik ferkeard of minder goed achtsje, jou ik almeast ûnderstreke oan en it geve(re) Frysk of it Standertfrysk set ik der *skean* en tusken heakjes efter.

In amtlik brief oer 'Ferfolch diskusje takomst taalbelied'

1. Jimme hawwe dizze [*dy*] wizige oannommen. Talj.: It oanwizend foarnamwurd *dizze* wiist in dit gefal werom en moat dan yn it Frysk ornaris *dy* wêze. It is in steech hollânisme, dat ik earder yn *Lyts Frisia* wiidweidich en faker as ienris mei gâns foarbylden behannele haw.
2. Dêrby is it fan grut belang om rekken te hâlden mei ferskate processen dy't rinne [*oan 'e gong binne*] en dy't op priemmen steane. Talj.: It Hollânske 'processen die *lopen*' sit de skriuwer(s) grif dwers.

¹⁰Klik ris op it FFU-webstek: www.ffu-frl.eu. By 'Brieven en oare stikken 2008' fine jo ús *Oanfalsplan Frysk* (einred.: S.T. Hiemstra, 2008) (by 'utgien': 29-10-2008) en fjouwer oare stikken dy't dêrmei anneks binne (benammen ornearre foar de Fryske steateleden). Dan kinne jo lêze wêr't it mei it belied oangeande it Frysk hinne moat. Dat makke in soad dúdlik.

¹¹Brief d.d. 18 aug. 2009, merkteken 00831073, oangeande it 'Ferfolch diskusje takomst taalbelied' mei as taheakke it 'Ferdieplan taalnota en evaluaasje 2008'.

¹²Fan de wurkgroep 'Oanfalsplan Frysk' (einred.: S.T. Hiemstra, 2008). Oan te klikken op www.ffu-frl.eu by 'Brieven en oare stikken 2008'. Sjoch ek noat 10.

3. Ein 2009 sille wy mei jim yn oerlis oer de opsjes en de keuzes [*karmooglikheden*]. Talj.: Oan it folslein Hollânsktalige ‘keuzes’ is fansels net folle Frysk mear ôf te sjen, ôfsjoen fan it feit dat ik boppedat ek amper noch it ferskil sjoch mei it lienwurd ‘opsjes’. Dat is ek al sa’n frjemd, te faak brûkt, amtlik moadewurd.

4. Fan grut belang is om nei te gean en earst ôf te wachtsjen op hokker wize [*oft*] de útfiering fan it taalbelied past yn in breder perspektyf. In oare sin: Fierders sil by it ûnderdiel ICT beskreaun wurde hokker projekten [*oft*] deroan sitte te kommen. Talj.: It bynwurd *oft* mei net weilitten wurde. Ik haw dat earder op it aljemint brocht. Der folget in bysin mei in ûnwisse of twiveleftige ynhâld.

5. It resultaat fan de stjoergroep is mei liedend by niisneamde notysje [*It resultaat/risseltaat hat grutte ynfloed hân op niisneamde notysje*]. Talj.: De oarspronklike sin is grif út it Hollânsk wei tocht: ‘Het resultaat is mede leidend bij [...]’. Letterlik oer- en omsetten Hollânsk is noch gjin ‘Frysk’. In pear sinnen fierder is it wer mis: De BFTK is foar it Ryk en ús liedend foar de besteande provinsjale beliedskoers [...]. Boppedat soe it *beliedskoerts* – mei in *t* dus – yn it Standertfrysk wurde moatte.

6. Nijsgjirrich foar jimme is yn dat ferbân de fraach op hokker wize [*oft*] it plak, de kennis en kunde fan it Berie yntegrearre wurde kin yn de útfiering fan it provinsjaal taalbelied en hokker konsekwinsje [*oft*] dat hawwe kin foar it fuortbestean fan it Berie yn ‘e hjoeddeistige foarm. Talj.: Oant no ta is *oft* trije kear ûnrjochtlik weilitten en net foar it lêst. Dat betsjut dat de *oft*-regel net bekend is. Dy wurdt û.o. wiidweidich besprutsen yn Jan Popkema syn *Grammatica Fries* (2006), dy’t foar alle Frysk-skriuwendende amtners winliken ferplichte kost wêze moatte soe. It *Frysk Hânwurdboek* (2008) jout by *oft* ek foarbylden. Fierders is it Fryske ‘op hokker [leaver de standertfoarm: *hokfoar*] wize *oft*’ [Holl.: ‘op welke manier/wijze’] maklik yn te koartsjen ta: ‘[...] de fraach *hoe’t* it plak [...]’. De folsleine sin wie al fierstente lang [3 rigels] en mei *hoe’t* kin it noch koarter en dúdliker. Amtlik ‘jargon’ soe sa folle mooglik mijd wurde moatte en letterlik oer- en omsetten Hollânsk alhielendal.

It taheakke ‘Ferdielplan taalnota en evaluaasje 2008’

Ofsjoen fan it feit dat der wer ûnderskate kearen sûndige wurdt tsjin de *oft*-regel, bgl. ‘hokker projekten [*oft*] honorearre binne’ en de *dy-dizze/dit-dat*-regel, bgl. dizze post is - *dy* post is; dit bedrach - *dat* bedrach; dit domein - *dat* domein (sjoch ek boppe), soe der mear omtinken wêze moatte foar it *distânsje*-begjinsel. Dat is fan grut belang is om ta in folweardich Standertfrysk te kommen: koerswizigingen wurdt dan fansels *koertswizigings* en *nota* soe better *noata* wurde kinne.

Wer inkelde priuwkes:

1. Fierders wol de tsjinst derop ta dat der in kampanje komt of in foarsjenning op maatwurk realisearre wurdt [...]. Talj.: Tsja, dat maat yn ‘maatwurk’ ... En dan jitte ôfsjoen fan de wûnderlike kontaminaasje (it trochinoar griemen) fan ‘maatwerk leveren’ en ‘werk op maat realiseren’. Yn it ûnderwiis wol De Haach hjoed-de-dei likegoed ta op ûnderwiis ‘op maat’ (ek al sil dat nea slagje). Yn Fryslân hinget dat blykber ek oan, want Fryske amtneren reitsje dermei besmet. Dochs is maat yn dy betsjutting *gjin* Frysk, mar in hollânisme (H.). It is op ‘en heechsten *heal*-Frysk as ik ‘wurk’ en ‘ûnderwiis’ stean lit. Fierderop komt it wurd jitrisk werom yn: “De provinsje biedt maatwurk mei advys, brosjueres, foarljochting en presintaasjes, mar it leverjen fan maatwurk kostet wol yn ferhâlding [*navenant wol*] in soad tiid en ynspannings.” En: “It Berie is omfoarme ta in advysorgaan dat ‘advys op maat’ jout [...].” In ‘maat’ is yn it Frysk dochs echt in persoan dy’t jin beselskippet of in *kammeraat*, *freon* of *stalke* (kenne jo dat lêste moaie Fryske wurd?). Oars moat it ‘*mjitte*’ wurde. Yn ‘e muzyk slacht men likegoed de *mjitte*. En hokfoar skuon*mjitte* hawwe jo? Kinne jo by de *mjitte* bliuwe? Of slagget it jo net om *mjitte* te hâlden? Yn de amtnerij hawwe guon dêr foar ‘t neiste ek wol oan.

As jo ‘maatwerk’ leverje wolle, dan moat dat wurk dus goed by de neamde ‘foarsjenning’, de oanbelangjende ‘kampanje’ of it ‘advys’ en sa *passé*. En ûnderwiis ‘op maat’ moat goed by de learling *passé*. It moat mei oare wurden *passend* wurk, *passend* ûnderwiis of in *passend* (gaadlik) advys wêze. Oars sjit de kampanje of it advys (en it ûnderwiis) syn doel foarby. It is krekt as mei jo jas. Dy moat jo ek goed *passé* (sitte), net te krap en net te wiid.

Al wer docht bliken dat letterlik oer- en omsetten Hollânsk amtlik jargon of oare faktaal noch lang *gjin* geef Frysk opsmyt. Soks *past* net as it om ús ‘eigen taal’ giet. As ik myn sin sis: it roait *mjitte* noch fiemen, ek al is de bedoeling noch sa goed. *Passend* ûnderwiis foar skriuwendende beliedsamtners kin dat grif ferhelpe. Oars bliuwt har Frysk alleduerigen ûnder de *mjitte*. Lykas hjirûnder fannijs bliken docht.

2. De finânsjes moasten benammen by treden [*wei*] swile [*wei helle*] wurde. Talj.: De finânsjes wurde net swile, mar earne *wei swile* of (noch better) *wei helle*.

3. Dit mei it each om ûnder de skoallen draachflak te kreëarjen [*Dat mei it each op it stribjen om* ûnder skoallen draachflak te *krijen*]. Talj.: ‘mei it each *om*’ is te koart troch de bocht en *past* sa likemin yn it Hollânsk as yn it Frysk. Men docht dingen ‘mei it each *op* en ‘mei de bedoeling *om*’. In ferhaspeljen fan *om* en *op* dus.

4. De Afûk kin yn 2009 no noch gerjochter aktiviteiten ûntwikkelje [aktiviteiten ûntwikkelje *dy’t better ôfstimd binne op* / *dy’t better rjochte binne op*; *better doelbewust* of *mear mei sin* aktiviteiten ûntwikkelje]. Talj.: Sa’n rare

letterlike oer- en omsetting (konverzje) fan it Hollânske 'gerichter' hoecht net, sêls net yn it Hollânsk. En dy taal skynt fansels wer fûl troch it Frysk hinne.

Noch inkelde fan sokke mishipte sinnen út it ferdielplan fan de taalnoata: "Der sil mei prioriteit en gerjocht omtinken jûn wurde moatte oan [...]"; "[...] no wolle wy foarstelle om de kampanje gerjochter yn te setten [om] Fryske taal permanint sichtber te meitsjen [...]."

Sok omtinken en sichtber meitsjen raast, liket my ta, oan de protters en winliken likegoed oan de 'spreeuwen'.

5. By de fierdere hifking sil in goede monitoaring wêze moatte nei de outcome (werklike effekten op it taalgebrûk sels) [*By it fierder hifkjen sil goed neigongen wurde moatte wat dat krekt betsjut foar it brûken fan de taal sels*].¹³ Alwer: tefolle jargon. En fan it Ingelske outcome wurdt it Frysk ek net better.

Ferl. ek in sin fierderop yn it stik: "Wol wurdt der geregeldwei [troch de thússoarchorganisaasje of it ferpleechtehûs] nei de foarkarstaal frege by de yntake." 'Yntake' is in mingfoarm, in hybride staveringsfoarm, in mjoks fan it Fryske 'yn' en it Ingelske 'take'. Of men lit de Ingelske foarm stean en dan wurdt it 'intake', of men ferfrysket de stavering en dan wurdt it 'ynteek'. Mar wêrom net gewoan '[it petear] by it ynskriuwen', 'it ynskriuwpetear', '[it petear] by it oan-/opnimmen' ('opname' kin men better mijen, dat is in hollânisme). Hooplik binne der ek soarchynstellings dêr't lju opnommen wurde kinne dy't lêst hawwe fan de Ingelske sykte.

It kin bytiden wol wat ienfâldiger en gewoaner formulearre wurde yn it Frysk. Men rekket fan sokke bluisterige sinnen alhiel net ûnder de yndruk. Krekt oarsom, de taalearmoede en de flecht yn ûnlêsber jargon op skrift is skrinend en pynlik om oan te sjen. En dat kin wer in ûngeunstige ynfloed hawwe op it taalgebrûk fan oaren.

6. Aktiviteiten dy't diewurklik [*werklik/echt/wierliken*] útseinsette [...]. Talj.: Ofsjoen fan de s tefolle yn úteinsette (in lyts printflaterke dêr't men jin net oan steurt) is 'diewurklik' wol in hiele wûnderlike aberraasje. It wurd – ja, hoe't kriget ien it feitlik út 'e pinne?! – is fansels wer in omsetting fan it Hollânske 'daadwerklik'. En dat is yn it Hollânsk in kontaminaasje fan it germanisme 'daadzaak' (= 'feit') en 'werklik'. Geef Hollânsk (Nederlânsk) soe 'metterdaad' of 'in feite' wêze. Dûbeld mis dus.

7. Fierder sille wy in ûndersyk dwaan nei it ferlet fan ôfstudearren [*ôfstudearre learlingen/studinten*] fan ROC's [...]. Talj.: In letterlike omsetting

¹³De taalnoarm fan de Afûk, troch it bestjoer fêststeld op 14 juny 1985, jout bygelyks de foarkar oan de neikommende foarms: "[...] by je-tiidwurden de e- yn 'e ferbûging oanhâlde: *hinderet, leveret, iepenet, befêstiget*; foarkar foar sterke boppe swakke ferbûging yn gefallen dat beide tastien binne; de brekking safolle mooglik oanhâlde (*organisearre* yn stee fan *organisearde*); wurden op *-ing* safolle mooglik mijen: *it iepenjen, it sluten, it fêststellen, ensfh.*"

fan 'afgestudeerden' jout al wer gjin Frysk; der moat wat efter stean: ôfstudearre lju, minsken, learlingen, persoanen, ensfh.

8. Twa saken wolle wy berikke, nammentlik it fersprieden fan in yntroduksjepakket en Fryslân yn dy lannen fermarkte [*goed ferkeapje/in goede namme jaan/oan de man bringe*]. Talj.: It Hollânske 'vermarkten' is foar de helte ferfryske en betsjut 'op de markt bringen'; yn it Frysk dus: op/oan 'e merk bringe. It tiidwurd 'fermerkjen' bestiet yn it Frysk likemin en dat moat ek moai sa bliuwe. Sok heislik griemman fan Frysk en Hollânsk (Fryhol?) smyt de merk ommers raar del.

9. De provinsje Fryslân hat ek in útfieringsregeling ynsteld op basis wêrfan (*wêrfan't = wêrfan oft*) partikulieren/yntellings/bedriuwen jild oanfreegje kinne [...]. Talj.: It twadde part fan de sin, de bysin, is ûnderskikkend oan it foarste part, de haadsin. *Wêrfan't* liedt in saneamde 'betreklike bysin yn' en dan moat *oft/t* der yn it Frysk by. Sokke betreklike kombinaasjes fynt men ek yn sinnen mei *dêr't/wêr't*, bgl.: it doarp *dêr't* [Holl.: 'waarvan'] de plaknamme *fan* ferfryske is. Se slagge werom op in selsstannichheid (bgl. op de 'útfieringsregeling' of it 'doarp') yn it foarste part, de haadsin. Lju (amtners) dy't te bot Hollânsktalich binne, kinne dat blykber mar min oanleare, want it Hollânsk hat soks net.

10. En wat te sizzen fan 'in Fryske officepakket' [in *Frysk* officepakket]. De regel is: gjin bûging fan in eigenskipswurd ('Frysk') as it stiet foar in ûnsidich wurd lykas 'pakket (it is *it* pakket) en as oan it begjin it ûnbeskate lidwurd 'in' stiet: in moai hûs, in raar gefal, in brún kleed, in read truike, in lyts mantsje, ensfh. En wat tinkt jo fan 'de webstees fan it Fryske bedriuwslibben'? It meartal fan 'stee' is dochs 'steeën'? En wat is der mis mei: "Yn 4 gemeenten binne ûnderskate grutte kampanjes holden." Of: "Mei mear as tritich ûnderskate bedriuwen en eveneminten is de kampanje ferskynd [...]." Foar't neiste wurdt der gewoan 'ferskillende' bedoeld. In amtner kin it Frysk dus sa 'moai' opskriuwe wolle dat it wer ûn-Frysk wurdt. As it om in frij grut tal (kampanjes of bedriuwen) giet, dan kin men better 'ferskate' (Holl.: 'verscheidene') brûke.

Frysk as *earste* amtlike taal yn Fryslân: kwantiteit én kwaliteit

Sa kin it earst wol wer efkes ta mei it *neigean* en *útplúzjen* fan it brûken fan it Frysk yn it amtlik domein. Ik woe it frjemde moadewurd 'monitoaren' of 'monitoarjen' mar nije. Myn kar wie frij tafallich, mar soe, as ik sjoch nei wat ik mear oan amtlike stikken ûnder eagen krij, wol ris aardich represintatyf wêze kinne. Der moat dus in bettere taalbegelieding (fan 'echte' saakkundigen en taalkenners) komme, oars tinke de lêzers fan sokke stikken, bgl. steateleden, anst ek noch dat al dat brike 'Frysk' echt Frysk is. Mear Frysktalige stikken, dus de kwantiteit, is treflik! Dat moat. Fansels! Dêr hat it Fryske folk, nei't it ieuwenlang eftersteld en mei

syn taal tebeksetten is, einlings rjocht op. Mar in bettere taalkwaliteit is like needsaaklik. De amtner sille sadwaande noch mear har bêst dwaan moatte. Se moatte harren 'ambysjes' mar wat opskroeve. Soks is dus ek in politike oangelegenheid. En grif in wichtige taalsoarchtaak foar in takomstich provinsjaal *Sintrum foar Fryske Taal en Kultuer*.

Koartsein: op nei it Frysk as earste taal yn de amtnerij. En dan yn geef Standert-frysk!

Sytze T. Hiemstra

KAFEE 'ROM SICHT' (19)



Èltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

Op dizze hjerstjûn sitte de mannen swittend en mei de mouwen omheech by de stamtafel. Fetse faget mei de bûsdoek de foarholle en jout Boate de wink dat de earste konsumpsje der wol yn kin.

'Jou my mar in lekker kâld pilske,' seit Minne alhiel tsjin syn gewoante yn, 'jo krije toarst as in hynder fan dit waar.'

'Sis dat wol,' stimt Watse mei, 'it

is net te leauwen, de hiele simmer stie de loft as in brijwein, de iene bui jage de oare, kâld klomsk en ûngedien, ik hold nachts de sokken al oan fanwegen de kjeld. En no't de tiid dêrta stiet dat it ûnlijich, rûzich en wiet heart te wêzen, skynt de sinne fan moarns ier oant jûns let.'

'Ja, dêr moat ik dy gelyk oan jaan,' seit Geart op sêfte toan. Hjir sjogge de mannen ferheard fan op, Geart en in oar gelyk jaan, dat binne

two dingen dy't gewoanwei in moai ein útelkoar lizze.

'Bist wol by de tiid?' freget Fetse soarchsum, wylst er Geart sa op en del oansjocht.

'Sil fan de waarmte komme,' konstatearret Watse, 'dêr kin in elk net oer.' Geart jout gjin beskie, mar stoareaget dreamerich yn syn gleske mei jonge jenever.

'It komt troch de klimaatferoaring,' dosearret Minne, 'dêr ha 'k al hiel wat oer lêzen en op 'e tillefyzje sjoen.' No fearret Geart ynienen op as soe er troch in ealjebij stutsen wêze.

'Klimaatferoaring,' seit er ferachtsum, 'moadepraat dat nearne op slacht. 'It klimaat stiet nea stil en feroaret allegedueren. Hat troch de ieuwen hinne net oars west.' Fetse strykt himsels betochtsum mei de fingers om it kin.

'It komt troch dy Amerikaan, hoe hjit dy fint ek al wer. Foar in pear sekfolle dollars hâldt er in sprekbeurt, hinget de ûnheilsprofeet út en fertelt de wrâld dat se tenei op in houtsjie bite moatte.'

'Hoort naar mijn woorden, maar zie niet naar mijn daden,' seit Geart, soksoarte fan lju hawwe der ek troch de ieuwen hinne al west.'

'No ja, dy man moat de kost ek fertsjinje,' seit Watse berêstend.

'Hy kin better ober wurde, docht er teminsten wat nuttichs,' seit Boate, dy't krekt nije konsumpsjes

foar de mannen delset en de lêste wurden heind hat.

'Dat betellet faaks wat minder,' gnysket Fetse, 'mar no wat oars: wat fine jim fan de eurokrisis ...?'

'Dêr ha 'k mar ien antwurd op,' batst Watse dêryn, 'ophâlde mei dat gedonder en ús de gûne werom jaan.'

Minne giet rjochtop sitten: 'dat sjochtst hielendal ferkeard, Europa moat ien grut machtich blok wurde, soks moatst grutskalich sjen.'

'Ja, grutskalich,' hûnt Geart, 'de Griken, de Italjanen en al dy oare trochbringers dy't it ferpoffe om belêsting te beteljen, dêr kinne wy foar opdraaie. Anst is de euro gjin kwartsje mear wurdich. By de ynfiering fan dy munt hawwe se ús dochs al goed by de poat hân. Hja hawwe ús doedestiids te min euro's foar ús gûnen jûn en jim hawwe it sjoen yn de winkels en by de horeka, wat earst in gûne koste wie doe ynienen in euro.'

Der komt beweging efter de taap dêr't Boate omspaant, 'ho ris eefkes,' ropt er, 'dat haw ik noait dien, lit dát eefkes dúdlik wêze!'

'Do bist de útsûndering op 'e regel,' bêdet Fetse de kastlein del, 'en dêrom moatte wy noch mar ien yn hawwe.'

'No dan de lêste, want it is de heechste tiid,' gnysket Boate, 'en ik rekkenje der fansels al op dat jimme anst yn euro's betelje ...!'

It ûndersteande, ynstjoerd as in tegast, kaam yn de rubryk Ingezonden telâne sûnder it hjir fetprinte part.

I. Snits v/h Sneek.

Eigentalige plaknammen? M. van Asperen, VVD-riedslid yn Menaam: 'Is [...] een correctie nodig of is het gewoon om de taalfundamentalisten een plezier te doen?' (LC, 25 juny 2008) B. Stienstra nei in fraachpetear mei R(immer) Mulder: '[...] Aan de andere kant neemt hij afstand van de fanatieke Friezen die met hun plaatsnamenobsessie wat hem betreft te ver zijn doorgeslagen.' (LC, 29 augustus 2009) R. Mulder: 'Doordrijvers die zich graag opwerpen als de ware Friezen, proberen de gemeentelijke herindeling te misbruiken om zoveel mogelijk plaatsnamen te vervriezen.' (LC, 12 maaie) Fûnemintalisten, fanatysy, trochdriuwers? De leden fan de topografyske Wurkgroep Fryslân?

Yn syn 'Het Fries heeft niets aan Friese plaatsnamen' fan 12 maaie neamde Mulder it Dryltser plaknammebeslut fan maaie 2008 én it Jeropeesk Hânfêst foar minderheidstalen, dêr't it Keninkryk foar tekene hie. Neffens dat hânfêst krije alle minsken yn de súdwesthoeke deselde taalrjochten as dy fan it eardere Wymbrits en sadwaande it rjocht op 'e Frysktalige steds- en doarpsnammen.

Mulder stelde dat ûnderdrukking fan Basken en Katalanen yndertiid de grûnslach west hie fan it Hânfêst. Wêr't er dat wei hie? Mei gjin wurd hied er it oer de 'Oerienkomst oangeande Frysk taalbelied yn de nij te foarmjen fúzjegemeente Súdwest-Fryslân', yn maartmoanne 2010 tekene fan alle fiif gemeenten, de provin-

sjen en de Steat. Al dy oerheden ûnderskreauwen it behâld fan de taalrjochten yn Wymbrits by de oergong nei de grutte gemeente. De regels foar de taalwiksel yn de súdwesthoekster plaknammen – makke yn Straatsboarch, tapast yn Drylts en yn de fiif gemeentehuzen oernommen – meie guon wearzgje, mar regels binne no ienris regels.

Rûnom te wrâld binne nei tiden fan ûnderdrukking eigen- foar frjemdtalige nammen yn it plak kommen, bygelyks Jakarta foar Batavia, Kisan-gany foar Stanleyville, Sint Petersburg foar Leningrad. En dat sûnder folle spul. Allinnich 'morden' de blanken yn Súd-Afrika by de wytswarte nammewiksel. (LC, 28 juny 2008)

En te uzes? Yn Tytsjerksteradiel ûnderholden agitroppen fan de 'Stichting tegen het gebruik van Friese plaatsnamen, maar voor het behoud van de Friese taal' skoften in klimaat fan spul en skeel. Mar oars as Mulder hawwe woe, ferrûn de nammewiksel yn Boarnsterhim frij flot yn betreklike frede. Yn dy gemeente hiene de fjoer-oansetters de kâns net krigen.

Foar f 44.50 leart men út Peter Nieuwenhuijsen syn 'Het verschijnsel Taal', 'hoe absurd en kinderachtig het verzet tegen Friese plaatsnamen is'. (de LC-redaksje, 6 jannewaris 1996)

II. Ofskie nommen, de macht beholden.

'Nergens wordt zo grof gescholden en beledigd als in Nederland'.¹⁴ 'Gebrek

¹⁴M[ulder] 'Hufferigheid', LC, 7 oktober 2008.

¹⁵M[ulder] 'Niets nieuws, toch anders', LC, 29 augustus 2009.

aan goede manieren en feitenkennis, onfatsoen en onwetendheid bederven vaak de pret bij het debat.’¹⁵

Argumenten – fûnemintalisten, fanatysk, trochdriuwers, ... – binne wurden dêr’t in skriuwer doelberet in oar mei op ‘e teannen wâdet. Rekket Mulder ris goed op ‘e tekst fan ús nammen, dan bedjert er sels de nocht oan ‘e hinne-en-wer skriuwerij. Mei swiere wurden as argumenten lit er sûnder erch syn eigen ûngelyk skine. Dat Mulder nul en neat fan ús nammen as Fryslân, Ljouwert en Dokkumer Ie hawwe moat, koed er oars ek wol op in fatsoenlike manear ûnder wurden bringe.

De âld-krantebaas wol fan it Hânfêst it measte net witte. ‘Leeuwarden en Sneek moeten zich niet wijs laten maken, dat aan naamsverandering niet te ontkomen is omdat het in Europees verband nu eenmaal zo geregeld is’.¹⁶ It wurd ‘geregeld’ is my net sterkernôch. Yn 1993 prakkesearre it Ljouwerter Hof wat oars oer it Hânfêst: ‘Het Gerechtshof te Leeuwarden heeft een in het Fries geschreven beroepschrift tegen een belastingaanslag ontvankelijk verklaard. De raadsheer (...) beriep zich bij de uitspraak op punten uit het nieuwe Europese Handvest’.¹⁷ It Hânfêst mocht dan wol net de status fan wet hawwe,

mar it Hôf woe der ál mei rekkenje – oars as Mulder, dy’t hawwe woe dat Leeuwarden en Sneek har der neat fan oanlûke soene. Op sa’n foet bedjert de âld-kranteman sêls oarmans nocht oan ‘e hinne-en-wer skriuwerij.

‘Het is absurd, dat op grond van dit verdrag de inwoners van Grou zouden kunnen eisen dat de hoofdstad van hun nieuwe gemeente Ljouwert moet heten’.¹⁶ Absurd? As de lêste alinea út myn Snits v/h Sneek net skrast wie, hie Mulder lêzen, dat syn ferset tsjin ús én syn eigen steds- en doarpsnammen ‘absurd en kinderachtig’ wie. Hy hie earst van Nieuwenhuijsen syn boek lêze moatten, eardat er syn oardiel oer de oergongen Sneek–Snits en Leeuwarden–Ljouwert útspreek.

Snijder, de nije redaksjebaas foar Mulder yn it plak, ferslokte him yn septimber 2010 yn de lânsnamme. Fryslân soe in ‘inmiddels ingeburgerde naam’ wêze. De redaksje-ûnderbazen prakkesearren der fansels hiel oars oer. Foar har gou de Mulderdoktrine – fan ivichheid oant ivichheid sil Friesland de namme yn de ierdrykskundige betsjutting wêze. En Snijder joech belies; hy ‘nuansearre’ syn betinken wat. De doktrine soe foar him tenei ek hillich wêze.

Mulder syn macht oer it krantefolk fan de Sixmastrjitte liket fan syn ôfskie net te lijen hân te hawwen.

Wy freegje jimme om jimme lês- of lidmaatskipsjild oer 2011 sa gau mooglik te beteljen, want de takomst fan Lyts Frisia is noch jimmer ûnwis! It lidmaatskipsjild is no € 10 en it lêsjild € 7,50.

Wy kinne fansels ek net trochgean sûnder jo kopij. Dat kinne bydragen wêze op

it mêd fan Fryske striid, Fryske literatuer, Fryske skiednis, Frysk ûnderwiis, fersen en ferhalen. Foar it maartnûmer moat dat ynstjoerd wurde foar 1 febrewaris nei: Redaksje ‘Lyts Frisia’, Plantage Doklaan 13 1018 CM AMSTERDAM, E-meel: abma.g@wanadoo.nl. Foar mear ynformaasje: Jan Jongsma, till: 0511-463869.

¹⁶Rimmer Mulder, ‘Het Fries heeft niets aan Friese plaknammen’, LC, 12 maaie 2011.

¹⁷Fries beroepschrift belasting ontvankelijk’, LC, 26 novimber 1993.